

couplet 1: 'T WIE IN MEARKE GELYK, IN FERHAAL ÚT IN FILM  
HY STOER EN LÛD, SY LEAF EN STIL  
MAR WOL O SA FEREALE, DE IEN OP DE OAR  
EN WÊR'T SY EK WIENEN INKELD EACH FOAR ELKOAR

couplet 2: 'K NIM DY MEI, 'K NIM DY MEI, SA SEI HY TSJIN HAR  
NEI DAT LÂN FAN MYN DREAMEN IK LIT DY GJIN KAR  
EN EK DÛ WURDST BETSJOENE, FOARDATST IT WITST  
ASTÛ STIEST OP DE HIGH CLIFFS OF MOHER YN 'E MIST

refrein: **YN DAT LÂN- DÊR'T IN LIET KLINKT ÚT ELK HÛS EN KROECH  
WÊRFAN'T SJONGERS EN DICHTERS FERHELJE  
DÊR'T IT LIBBEN FAAK KALM IS DE SEE ALTYD RÛCH  
DÊRSTÛ THÛS BIST AL KOMST EK FAN FIER---**

couplet 3: HARREN TAKOMST WIE MAKKE S'HIENEN PLANNEN BY'T SOAD  
MEI HIM WOL IK LIBJE MEI HAR WURD IK ÂLD  
EN OP SAINT PATRICKSDEI HAT IN ÂLDE PASTOAR  
HARREN TROUD YN 'E REIN BY DE HIGH CLIFFS OF MOHER

>>>REFREIN

couplet 4: 'T WIE IN DIZIGE DEI, HIEL IER YN 'E MOARN  
DOE'T HY SEI TSJIN SYN LEAFSTE KOM JOU MY DYN HÂN  
WANT DER IS WIER NEAT MOAIERS, DÛ LEAUST MY GRIF  
ASTÛ AANST MEI MY GIEST OAN DE FOET FAN IT KLIF

couplet 5: OP DAT PAAD SMEL EN GLYSTERICH MEI DE SEE SA TICHTBY  
FÛN SYN FOET GJIN HÂLDFEST, EN IN WEACH NAAM H M MEI  
YN DAT IISKÂLDE WETTER, WIE 'T DAT ER STOAR

FOAR IT EACH FAN SYN FAAM BY DE HIGH CLIFFS OF MOHER  
**REFREIN INSTRUMENTAAL MET KOOR: OE, NOE, NOE**

*LAATSTE REGEL ZINGEN DOOR KOOR MET LICHTE CRESCENDO AAN HET  
EIND*

*Noe, noe noe noe.....*

.....

.....

**DÊRSTÛ THÛS BIST AL KOMST EK FAN FIER---**

